

Bijlage VMBO-GL en TL
2013

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

It Frysk hie myn foarkar net

(1) Marius de Boer is yn it foarste plak muzikant. De teksten komme op it twadde plak. Lykwols hat er syn fyftichste jierdei oangrypt om fyftich fan syn teksten te bondeljen: *Ik sjong foar dy*.

(2) De ôfrûne jierren wie De Boer ûnder de artystenamme Mariusz benammen aktyf as solo-artyst. Op it heden stiet er gauris mei kollega's op it poadium as Mariusz & de Muzikanten, mar foar in protte minsken is er foar alles de sjonger en komponist fan Reboelje. De band waard yn 1987 oprjochte en hat it fyftjin jier úthâlden.

(3) De Boer waard grut yn in Nederlânsktalige húshâlding yn Stiens. Op 'e dyk learde er min ofte mear Frysk: "Mar dy taal hie myn foarkar net." Hy spile fan syn sechstjinde ôf yn bandsjes mei nammen as Elected en Ambassador Betterhead; de nûmers dy't er dêrfoar skreau, wiene yn it Ingelsk. Op syn trije-entweintichste krige er wurk by in akûstysk advysburo en ferfear er nei Assen. "Dat wie in anty-Fryske omjouwing, dat makke de taal ynienen in stik ynterressanter. Dan krijst sa'n hâlding fan: mar it is wol myn taal."

(4) Mei in ploechje stappersmaten fan Berltsum rjochte er yn dyselde snuorje in band op. De nûmers dy't er sels op de earste repetysje ynbrocht, wiene yn it Frysk, dy fan de oaren yn it Ingelsk. "Dat Frysk wie net in hiel bewuste kar, taal seit my net safolle. Mar it Frysk sjongt wol lekker, lekkerder as it Nederlânsk. 'Ik hou van jou' heart net moai, 'Ik hâld

fan dy' wol. Fan alle bandleiden skreau ik de measte teksten, dat it persintaazje Frysk waard hieltyd grutter. Op de tredde of fjirde repetysje ha wy doe mar besletten om in Frysktalige band te wurden. 'Reboelje' hearde wol ynternasjonaal en sleat oan by de opstannigens dy't ek út de punk spriek."

(5) De fyftich teksten yn de bondel *Ik sjong foar dy* bestrike in moai ferskaat oan tema's. Der binne leafdeslietsjes, mearke-eftige teksten, lietsjes oer de dea, filosofyske prakkesaasjes en teksten dy't ûnderdiel wiene fan in grutter gehiel, lykas de teaterfoarstelling *De brulloft* en de cd *Magysk wetter*.

(6) De Boer hat net in fêste manier fan wurkjen: de iene kear wie de muzyk der earst, de oare kear de tekst. "It makket wol ferskil: as de muzyk it earst komt en der in melody en in ritme ûntsteane mei in soarte fan neptaal, smyt dat de moaiste nûmers op. Hoechst gjin rekken mei wurden te hâlden, it is muzyk meitsje sûnder beheiningen. It drege is datst der neitiid wurden by fine moatst dy't presys passe. Dat wurdt noait sa moai as yn dy neptaal. It moaiste wie miskien datst in melody oan in echte dichter foarlizze soest mei de fraach om dêr in tekst by te meitsjen. Wilco Berga en ik binne op it heden dwaande mei in programma foar Tet Rozendal, *It wûnder fan de Wâlden*. Meastal komt Wilco mei in tekst, mar soms bin ik it earst. En dan merk ik dat Wilco folle handiger mei it Frysk omgiet as ik. Ik bin foaral muzikant. As ik in pear rigels klear ha, pak ik al

85 gau de gitaar of krûp ik achter de
piano. Ik wol hearre hoe't de wurden
op muzyk klinke."

(7) De Boer rûst dat er yn al dy
jierren sa'n 250 teksten skreaun en
90 op muzyk set hat. "As ik de
frutseltsjes meirekkenje, kom ik
miskien wol op tûzen. Mei dy kar fan
fyftich foar it boek wie ik gau klear. In
kwestje fan dy wol en dy net, dêr
95 kaam gjin metodyk of djiptrochtochte
filosofy oan te pas."

(8) Ien fan de lieten hyt *Fersen*. It
giet oer it skriuwen fan lieten. Dêr
steane rigels yn as: "Ik ha se skreaun
100 út lok en leafde, ik ha se skreaun út
djip fertriet, ik ha se skreaun doe't ik
allinne wie, ik ha se spile foar de
wyn, der is nimmen mear dy't se
hearre sil. Fersen, ik nim se mei myn
105 grêf yn." Autobiografysk? De Boer
laket. "Dat is no krekt it iennige fers
dat ik foar in oar skreaun ha. Kollega
Ernst Langhout frege my oait om in
tekst. Dat is *Fersen* wurden. Ik ha it
110 op de persoan fan Ernst skreaun. Ik
tocht: dy skriuwt noch mear as ik, in
soad dêrfan ferdwynt mei de wyn.
Mar it is lizzen bleaun en Ernst hat it
noait krigen. Letter ha ik it sels op
115 muzyk set."

(9) In tema dat yn in tal nûmers
weromkomt, is it ynderlik konflikt fan
de boargerman en de dichter. Yn *Djip
yn myn siel* sjongt er: "Dit wie myn
120 libben en it is no hast foarby, ik stie

yn tsjinst fan de boargermaatskippij,
ik keas it paad fan de fromme man,
fanwege goed gedrach krige ik
libbenslang. It bleau by fantasy en ik
125 ferdrong de pine en ik bleau by dy."

De Boer: "Dat giet oer mysels, mar
eins giet it oer elkenien. As je frou en
bern, as je alles ha, begjinne je te
dreamen oer in swalkerslibben. Mar
130 in swalker, dy't sûnder frou en bern
troch it lân doarmet, hat hiel oare
dreamen."

(10) Yn in tal nûmers boartet er mei
godstsjinstige ideeën oer libben en
135 dea. Yn it fers *It hjirfoarmels*
fernuveret er him deroer dat der altyd
praat wurdt oer wat der nei de dea
mei de siel bart, mar noait oer wêr't
dy siel weikomt. It slotnûmer fan
140 teaterfoarstelling *De brulloft*, it fers
Tunnel fan it ljocht, beskriuwt de
tunnel fan it ljocht dy't gâns minsken
sjoen hawwe doe't se op 'e râne fan
'e dea sweefden.

(11) Hie er achterôf sjoen dochs net
better foar it Nederlânsk kieze
kinnen? Der hat in skoft west dat
Reboelje gauris oprave mocht foar
de VPRO- en de VARA-radio, mar de
150 grutte trochbraak bûten Fryslân is
útbleaun. De Boer: "Ik tink dat it
Frysk net sa'n minne kar west hat.
Dêrmei ûnderskieden wy ús fan
oaren. As wy yn it Ingelsk of it
155 Nederlânsk songen hiene, dan hiene
se ús miskien noait frege."

Nei: Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 15 april 2011

Ik kaam net los fan de ferhalen

(1) Ien kear waard er midden yn de nacht belle. Ut Australië wei. “Jan is stoarn.” Sa’n foarfal tekenet de sterke bân dy’t er hat mei de minsken dy’t him foarôfgeand oan Simmer 2000 *It Wrede Paradys* yn ’e pinne praat ha. Tsien jier hat er wachte, doe is Hylke Speerstra deropút gien om te sjen wat der wurden is fan al dy Fryske emigranten.

(2) Yn de lêste jierren fan de tweintichste ieu reizge Hylke Speerstra de heale wrâld oer, fan Brazilië oant Australië en fan Súd-Afrika oant Kanada, om mei Fryske emigranten te praten. Hy makke der yn it ramt fan Simmer 2000, de grutte Friezereüny fan dat jier, in prachtich, goed ferkocht boek fan, mar dêrmei wie it foar him net dien. Hy wenne yn dy ferhalen: “Ik kaam der net los fan.” Mei guon fan de emigranten briefket er tsien jier letter noch, oaren hawwe sels by him útfanhûs west.

(3) De emigranten sels kamen likemin los fan it boek. Der ûntstie suver in foarm fan Paradystoerisme. Dan die in Fryske emigrant yn Australië of Súd-Afrika de doar iepen, stie der ynienen in oare, poerfrjemde Fries om utens op de stoepe dy’t *It Wrede Paradys* lêzen hie en dy’t tocht: ik bin dochs yn ’e buert, ik sjoch eefkes om ’e hoeke.

(4) Hylke Speerstra woe graach witte wat der tsien jier letter fan al dy minsken wurden is. Sa ûntstie it idee fan in ferfolch op *It Wrede Paradys*. By eintsjebeslút is it útdraaid op in nije printinge fan it âlde boek, oanfolle mei goed 200 siden. By elk

fan de ferhalen út it oarspronklike boek stiet no in oanfolling oer de perioade 2000 - 2010, der binne seis nije ferhalen taheakke en psycholooch Douwe Draaisma en teolooch Jan Dirk Wassenaar hawwe beide de emigraasje beljochte út harren fakgebiet wei. It levere op ’e nij in tige lêsbear, oangripend boek op. (5) Om’t de measten doedestiids al aardich op jierren wiene, wie it te ferwachtsjen dat in part fan de minsken út de earste ferzje fan *It Wrede Paradys* net mear libje soe. Yn guon oare gefallen wie it krekt Simmer 2000 dat de sirkel fan it emigrantebestean rûn makke. De libbensein van Willem Linzes van Dijk foel sels gear mei Simmer 2000. Earder hie de âld-timmerman al tsjin Speerstra sein: “Wy binne by de lêste knik fan de tûmstôk.” Sels wie er mei syn njoggentich jier te âld om nei Fryslân ôf te reizgjen destiids. Mar syn soan gie al. Op itselde momint dat Willem van Dijk ferstoar, stie dy soan yn Easterwierrum by it grêf fan syn pake en beppe.

(6) Jan Velstra ferstoar yn 2005 yn Australië oan kanker. Yn 2000 hie er, hoewol saaklik aardich oan leger wâl rekke, dochs kâns sjoen en sykje Sint Jabik nochris op. Ta syn grutte ferrassing hiene syn eardere skoalmaten in feest foar him organisearre yn kafee De Oosthoek. Mei de triennen yn ’e eagen hie er it Biltsk folksliet oanheard. Fiif jier letter kaam syn widdo mei de jiske fan Jan Velstra oan yn Sint Jabik. Deselde maten fan Simmer 2000 hawwe dy

doe op it Waad oan de see
 85 tabetroud.
(7) Rommert Boonstra ferliet ús lân
 nei syn tsjinsttiid yn Nederlânsk-
 Yndië. Yn *It Wrede Paradys* fertelde
 er dat syn maat Jappie Strikwerda út
 90 Skraard dêr yn de jierren 40 fan de
 foarige ieu omkaam wie en dat de
 bus mei soldaten by weromkomst yn
 Kimswert, yn Arum, yn Wytmarsum,
 yn Skettens, ja oeral stilstean bleau,
 95 mar net yn Skraard. Omdat de
 boargemaster en de wethâlder
 dertsjinoan skytskoarren, moast de
 skoalmaster fan it doarp nei heit en
 mem Strikwerda ta mei in horloazje
 100 en in board Makkumer ierdewurk.
(8) Jappie Strikwerda is begroeven
 op Bandoeng (Yndonesië).
 Doarpsbelang Skraard hat nei
 oanlieding fan it ferhaal yn *It Wrede*
 105 *Paradys* foar in tinkstien yn de tsjerke
 soarge. Speerstra: “De suster fan
 Jappie Strikwerda frege oft se de
 blommen by dy tinkstien wol op it
 grêf fan har mem lizze mocht. Dy hie,
 110 fertelde se, harsels tekoart dien, om’t
 se harsels net ferjaan koe dat se har
 soan nei Yndië gean litten hie.”
(9) In hieltyd werommkommend tema
 yn de oanfolingen oer de perioade
 115 2000 - 2010 binne de gefolgen fan de
 lânboukrisis foar de wrâld. Dy hat nei
 2000 in protte slachtoffers makke.
 Jack Reitsma fan Idaho, in
 superûndernimmer neffens
 120 Speerstra, seach dy krisis op ’e tiid
 oankommen en ferkocht de boel. Fan
 syn 10.000 kij hat er noch 1000 oer.
 Hy docht der no oar wurk by.
(10) Neffens Reitsma binne in soad
 125 Fryske boeren yn Amearika it
 slachtoffer wurden fan it

kowerútsjessyndroom: as in emigrant
 fiifhûndert kij hat, wol er tûzen ha.
 Mar as er tritich dollar op in ko talizze
 130 moat, giet it by tûzen in stik hurder as
 by fiifhûndert. De meast
 ûndernimmende boeren, dy’t oars
 bêst buorken, binne it djipst fallen. It
 is foar it earst yn ’e skiednis net mear
 135 fanselssprekkend dat bedriuwen fan
 heit op soan oergeane.
(11) Ien fan de seis nije ferhalen giet
 oer Klaas van der Veen, dy’t yn 1948
 as widner mei tsien bern fan De
 140 Harkema nei Alberta, oan de foet fan
 de Rocky Mountains yn Kanada,
 emigrearre. Hy koe allinne oan wurk
 slagje as boerefeint as syn acht
 soannen meiholpen. Se bealgen sa
 145 hurd en de beide dochters pasten sa
 goed op ’e sinten dat Klaas al nei in
 pear jier foar himsels begjinne koe.
 Yn 2009 wiene alle rjochtstreekse
 neikommelingen in pear dagen by
 150 elkoar: 365 minsken. Speerstra: “Dat
 is wêrom’t se yn Kanada graach
 Friezen ha wolle: hurde wurkers en
 se fermannichfâldigje har omraak.”
(12) Dat Europeanen it as emigrant
 155 yn Amearika, Australië en Súd-Afrika
 makliker hawwe as Turken en Noard-
 Afrikanen yn Europa, komt neffens
 Speerstra om’t de kultuer dêr net
 safolle ferskilt fan de eigen kultuer.
 160 Mar dat is net it iennige. “Neffens
 Henry Baron, ien fan de emigranten
 út de nije ferhalen, is it learen fan de
 taal fan it nije lân hiel belangryk. As
 de driuw om dy nije taal te learen
 165 ûntbrekt, komt it net goed. En wurk.
 Amearika koe allinne in smeltkroes
 fan folken wurde om’t de minsken
 wurkje en yntegrearje moasten om te
 oerlibjen.”

Nei: Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 9 april 2010

De sunige truck fan snelheidsfreak Nico

(1) Hy is sljocht op alles wat hurd giet, mar foar it televyzjeprogramma Green Dream District fan National Geographic Channel betocht Nico Katsburg (15) út Makkum krekt in tige sunige auto. In Nissan GTR, dát is syn dreamauto: “Dêrmei kinst fan 0 nei 100 kilometer yn trije en in heale sekonde. Syn top is 320 kilometer en hy kostet mar € 120.000.” No moat de hafû-learling it earst dwaan mei syn samling miniatuersportauto’s. It libben fan de Makkumer draait om snelheid en technyk. Hy lêst alles oer dy ûnderwerpen en mist dêr ek gjin inkeld televyzjeprogramma oer. Wat er lêst of sjocht, ferjit er net. Sûnder swierrichheden sommet er de nuverste details op oer koppelingen, kamrêden en luchtwjerstân.

(2) “Gong jout in kick. Dêr ha ’k gjin drugs foar nedich.” De tsien kilometer tusken skoalle en thús leit er ôf yn fjirtjin minuten. “Myn rekord op in fyts is 50,3 kilometer yn ’e oere, op in mountainbike 48.” Yn it swimbad kinne se likemin om Nico hinne. Hy is hurd oan it trenen om by de Fryske kampioenskippen rekords te ferbetterjen.

(3) Net ien hoecht der dan ek fan op te sjen dat de Makkumer in pear moannen ferlyn entûsjast reagearre doe’t er hearde dat it televyzjeprogramma Green Dream District dielnimmers socht. De útdaging: de meast duorsume útfining fan it jier betinke. Fan National Geographic Channel kaam der immen op skoalle del om jongeren fan njoggen oant njoggentjin jier dêr waarm foar te

krijen.

Nico syn heit reizget alle dagen nei Grins. Dat soe er ek op de fyts dwaan kinne. Dêrtroch kaam Nico op it idee om in fyts te meitsjen dêr’tst sûnder te switten twa oeren lang 120 kilometer yn ’e oere op fytse kinst.

Underweis fan skoalle nei hûs ta hie er al spyt fan syn betinksel. Do moatst oan de foarkant fan de fyts in grut kamrêd ha en dat is lêstich foarmekoar te krijen, hoewol’t it wrâldrekord op 118 kilometer stiet.

(4) It wie de programmamakers opfallen mei hoefolle fjoer Nico oan ’e gong wie. Dêrom krige er de kâns om wat oars te betinken. “Dat waard in enerzjysunige frachtauto. Frachtauto’s binne djoer yn brânjeferbrûk en it binne ek grutte miljeufersmoargers. Dochs kieze bedriuwen faak foar de goedkeapste modellen, mar dy binne minder sunich.”

(5) Ut 500 ynstjoeringen binne de 36 bêsten keazen foar útstjoering op televyzje en dêr sit Nico syn idee ek by. Op de Technische Universiteit Eindhoven gong er in hiele dei mei syn útfining oan ’e slach, tegearre mei ekspert Rudolf Huisman fan DAF-trucks. “Dêr ha ik in protte fan leard. By myn earste model bin ’k der noch fan útgien om in rjochte bak efter de kabine te meitsjen, mar by de einferzje rint de laadbak skean nei efteren.

Rudolf Huisman fertelde dat de sunichste foarm in fallende drip is. Dan hast de minste luchtwjerstân. Skerpe hoeken en kieren binne ek ferkeard. Lucht wrimelt dêr

85 tuskentroch en dat soarget foar
wriuwing en dus foar heger
brânjeferbrûk.”

(6) De opnamen fan Green Dream
District ha yntusken west. Nico mei
90 net sizze oft syn útfining de priis wûn
hat. Wol kin er fertelle dat er nei syn
skoalletiid oanklopje kin by DAF.
“Huisman hat sein dat der dan grif in
plakje foar my is. Mar fleantúchbou
95 liket my ek wol wat en fleanen giet

wer krekt even hurder as autoriden”,
beslút de jonge útfiner.

(7) Jûn is de earste útstjoering. It
programma duorret trettjin wiken en
100 yn alle ôfleveringen komme trije
útfiningen oan bar. Neist Nico
presintearje ek fiif tiims fan learlingen
út de earste klasse fan it Stedelijk
Gymnasium yn Ljouwert harren
105 plannen.

Nei: Koen Pennewaard, Leeuwarder Courant, 2 april 2011

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.